Wolfeart

hyltyd mear, hyltyd better Am
't kin net op, jild as wetter Dm
moai is't libben yn ús wolfeartssteat E7 Am

stilstân dat is efterútgong
groei is nedich foar foarútgong
wa't net meidocht dy berikt hjir neat

produseare, konsumeare,
de wâl dy sil it skip net keare
minsken ha fan hyltyd mear ferlet

hyltyd foller, hyltyd heger
hyltyd grutter, sels it leger
hyltyd mear, genôch bestiet der net

de nijste trend, de nijste moade
de handel hat ús foar de kroade
myn buorman moat gjin moaier guod as my

de moade seit ús hjoed wat moai is
en dat it moarn al wer rotsoai is
ast wat keapest moatst al gau wer nij

nije auto's, nije froulju
nije klean, it jild moat rôlje
en ekstra jild is oeral wol te lien

alles moaier, alles tsjokker
oeral winkels, oeral drokker
en de foarútgong is noch lang net dien

hyltyd mear, hyltyd better
't kin net op, jild as wetter
moai is't libben yn ús wolfeartssteat

produseare, konsumeare,
de wâl dy mei it skip net keare
oars wurdt it neat.....

© Doede Veeman